

**[0011] T J E S C K - M O A R S S E E - A E N G S T E**  
**Eat oer de saeklike ynhâld.**

It moat elkenien wol opfalle, dat de litteraire wurdearring fan 'Tsjesck-moars See-ængste' <sup>1)</sup> lang gjin ienriedichheit oer bestiet: it fers is 'aestheties gezien verreweg het beste uit het tweede gedeelte' (Haantjes<sup>2)</sup>); it is 'fen de greate dichten fierwei swakst en as gehiel mislearre' (Kalma<sup>3)</sup>); it is 'great' stald (Folkertsma<sup>4)</sup>).

It wol ús foarkomme, dat dit forskaet fan oardiel foar 't greatste part op de ynterpretaesje fan 'e saeklike ynhâld werom to fieren is. Folkertsma (hwaens skôging ús fierwei it bêste sinniget) docht dêr net mei klam forantwurding fan, dat wjerleit ek net mei safolle wurden de opfettingen, dy't Haantjes en Kalma (en oaren foar har) op 't stik fan

- 1) 'Gysbert Japicx Wirken', bisoarge fen J.H. Brouwer, J. Haantjes en P. Sipma, Boalsert, 1936; s. 73-78.
- 2) Dr J. Haantjes: 'Gysbert Japicx, Fries dichter in de zeventiende eeuw', Amsterdam 1929; s. 131.
- 1) Dr D. Kalma. 'Gysbert Japiks, in stúdzje yn dichterskip', Dokkum, 1938, s. 81.
- 2) E.B. Folkertsma: 'De Christen Gysbert Japiks', Snits 1936; s.17.

'e saeklike ynhâld huldigje.

Haantjes en Kalma tinkt beide, dat yn de strofen 5-14 Tjesch-moar op 'e hege wier nèt ûnder fjouwer eagen mei Wif praet:

'Vanaf een hoogte staat ze Wif na te zien' (Haantjes);

'Fierders sprekt hja yn strofe 6 en fierder Wif ta eft er yet foar hjar stiet en yet tobek kin: mar yn wierheit sit hja al op 'e wier en sjucht him foartreizgjen' (Kalma).

Foar beide skriuwers, binammen foar Kalma, is dizze opfetting de groun om it fers saeklik op to foroardieljen:

'Het derde stuk echter is veel minder. Tjesck-moar begint dan weer met dezelfde klachten die ze ook reeds in het tweede gedeelte had geuit. Dan gaat ze, zonder enige reden, van het heden (het afscheid) over op de toekomst (een schipbreuk) en vervalt tenslotte in overpeinzingen' (Haantjes);

'Ek mei de saeklike ynhâld is it net ynoarder.....

..... De hân fen de master is ûnwis wurden' (Kalma).

De opfetting fan dat Tjesck-moar Wif al fuortreizgjen sjocht is nammers de tradisjonele: dy komt al ta utering yn 'e oersettingen, dy't Bilderdijk en Rinse Koopmans (de lêste neffens oanwizingen fan Halbertsma) fan dit fers jown hawwe<sup>5</sup>):

'Grootjen zag hem op de baren  
't Vaderlijke strand ontvaren'

'Grootjen zag het (en ontroerde)  
Hoe de wind hem henen voerde' (Bilderdijk)

'Tjesck-Moêr staat van verr' te kijken,  
Ziet haar zoon vast zeewärts strijken' (Koopmans).

It origineel hat:

'Tjesck-moar seag, fen fiere weagen,  
Ho-se fest fen Lân æf teagen'.

Yn oerienstimming mei de opfettingen fan Bilderdijk en Koopmans-Halbertsma forklearet Epkema<sup>6</sup>) 'fen fiere weagen' mei 'van verwege, van ver', en lêst dus, dat Tjesck-moar fan fierren seach, hoe't se fan lân ôf teagen (dy 'se' sil dan wol Wif-mei-syn-maten bitsjutte moatte). Haantjes en Kalma hawwe dizze opfetting mei ham en gram oernommen.

It wol ús lykwols net oan, dat dit de goede opfetting is (it 'se' komt der muoi hommels by to hingjen). It is likegoed mooglik en lêst en bigryp dizze rigels simpelwei sa ('se' slacht dan nou werom op 'weagen'), dat Tjesck-moar fan fiere weagen (de eigenskip) sjocht, hoe't dy fan it lân ôf teagen, d.w.s.: hoe't dy har fan it lân ôf útwreiden, dat hja oan 'e kym ta wetter seach, aen hie fan 'e ûneinige wiidte fan 'e wetters, en dêrom, de se 'ijn sijn Tuwt' sjende, har d'eagen hast

5) Sj. it artikel fan H.Ss. Miedema yn 'De Tsjerne', IV, 5 en 6; Miedema stiet dy opfetting sels ek foar, liket it.

6) Dr. E. Epkema; 'Japicx, Friesche Rijmlerye', (Woordenboek), Leeuwarden, 1824.

útskriemde. Dizze rigels tsjinje om har emoasjes djipte to jaen: der is fierder neat dat mei dizze ynterpretaesje stride soe; rjochtoarsom: alles pleitet der fierder foar: Wif stiet neist Tjesck-moar, as hja (strofe 6-13) hertstochtlik bisiket him tsjin to hâlden, en as dat omdôch is

("Mar Du schoddeste' holle' in plommen,  
Al myn kâdtjen is forlern," - str. 12)

mei dizze wurden yn syn ôfreis birêst:

"Wol den; sijlle' ijne' Hijmmelsche' hoede.  
't Fearckjen tijgge dy to goede.  
Ick bifel, dy ijn Goads hân" (str. 13).

Yn hwat folget (str. 14-21) sjocht se Wif ôfreizgjen

"Wif ontfert my, Wif ontsjocht my ..." (str. 14).

Wy leauwe mei Folkertsma, dat dit fers great stald is. De konklúzjes fan Haantjes en Kalma oer de saeklike ynhâld (de lêste wol der û.o. sels op út, dat der fan in foriening fan twa biwurkingen sprake wêze soe) binne sûnder groun.

Yn tige koart bistek kin men de bou fan it fers skematysk sa rûchwei foarstelle;

1. Wif langet nei de sé (str. 1-4);
2. op 'e hege wier bisiket Tjesck-moar him to bipraten; op 't lêst birêst hja yn syn ôfreis, him oanbifeljend yn Gods hân (str. 5-13);
3. allinne oerbleaun sjocht se him yn gedachten al yn need; dat set har oan't mimerjen oer it hâlden en dragen fan sélju yn 't algemien (it máljtjirgjen yn havenstêdden); lit Wif biseffe, dat er him ynpleats,

"Az hy t'huws komt uwt it Djiep",

ta God rjochtsje moat, God tankber wêze moat.

It fers sit logysk goed yninoar; it hat in geve bou. Fierder bifettet it magistrale poëzij, mar dat is in oar sjampiter.

*Grins.*

*Klaes Dykstra.*